

yn dit nûmer û.o.:

Ta de neitins oan Tony Feitsma
Diskusjestik oer taken foar de Ried
Plattelânsfroulju en it Frysk
De Friezetsjerke yn Rome



FAN DE REDAKSJE

Ald-foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging Tony Feitsma ferstoar op 9 augustus l.l. De Swingel fan septimber wie doe omtrint klear en fol, dat wy koene net oars en betink har pas in nûmer letter.

Alle oare stikken yn dit nûmer binne ek tige it omtinken fan de lêzers wurdich, mar spesjaal is dat it gefal mei 'Wêr bemuoit de Ried him mei?' fan de tsjintwurdige foarsitter. Dat is bedoeld as diskusjestik foar de Riedsgearkomste fan 18 maart 2010. Fierders meie wy ús twadde fêste kollumnist, Pier Bergsma, ferwolkomje!

De lêzers meie nûmer 26 yn april 2010 ferwachtsje. De kopij dêrfoar wurdt foar **15 febrewaris 2010** by de redaksje ferwachte.

By it printsjen fan it foarige nûmer (nûmer 24) is der spitigernôch wat ferkeard gien. Trije foto's ûntbrieken, wylst de byskriften wol printe wiene. Dy foto's nimme wy hjir op.



Op side 4 hearde de foto fan de nije meiwurker fan de Ried, Meindert Tjerkstra, te stean.



Op side 13 ûntbriek de foto fan de twatalige biologyles.



Op side 17 hie de foto stean sille fan Klaske Straastma mei har bûtenlânske learlingen yn Rome.

Jan Breimer, redakteur

KOLOFON

Swingel is in útjefte fan de Ried fan de Fryske Beweging en ferskynt 3x yn it jier

Redaksje- en administrasjeadres
Keetwâltsje 1, 8921 EV Ljouwert
E-post: info@fryskebeweging.nl
telefoan en faks: 058-213 89 13

Meiwurkers oan dit nûmer

Pier Bergsma, Jabik van der Bij, Gryt Elsinga, Geartsje Fokkema-Elgersma, Sytze T. Hiemstra, Willem Riemersma, Jaap Rinzema, Fêde Stipersma, Sybren Sybrandy

Foto/yllustraasje foarside

Frans Andringa: *Tony Feitsma*

Einredaksje

Jan Breimer, redaksje@fryskebeweging.nl

Foarmjouwing

Studio van Stralen, Grins

Printer

Hanzedruk, Boalsert

Advertinsjepriizen

op oanfraach

Stiperskip/lêsjild

Stipers fan de Ried fan de Fryske Beweging krije Swingel fergees yn 'e bus.

Stipersjild: € 20,00 jiers.

Jongerein oant 25 jier: € 5,00 jiers.

Fan 25 jier ôf groeit dat alle jierren mei € 2,50 nei € 20,- it jier.

Losse nûmers: € 4,50

Rekken 1123454 o.n.f. Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert

ISSN-nûmer: 1567-9632

Ried fan de **Fryske Beweging**

Keetwâltsje 1
8921 EV Ljouwert

TA DE NEITINS FAN TONY FEITSMa

*18 jannewaris 1928 Brantgum – †9 augustus 2009 Ljouwert

Sybrén Sybrandy

Tresoar hie by har ferstjerren in stikje film fan Tony Feitsma op syn website setten. Dêryn die se ûnder oaren in oprop oan Fryske skriuwers en wittenskippers om ek har oanpart te leverjen yn de Fryske beweging. Sels hat se dat fan it begjin ôf dien en it twingt bewûndering ôf as je neigeane hoe warber se west hat op beide fronten, om it noch mar ris yn oarlochsterminology te sizzen. Sa wie se yn de begjinjierren foarsitter fan de FNP en siet se in tal jierren yn it bestjoer fan de Koperative Utjouwerij. Jierrenlang wie se lid fan it Frysk Nasionaal Boun en wie as sadanich ek lang foar it Boun lid fan de Rie foar de Fryske Beweging. Fierder wie se jierrenlang lid fan de redaksje fan De Stienen Man, it blêd fan it Boun en it Selskip 1844, letter it 'kaderblêd' foar de Fryske beweging en orgaan fan de Federaasje fan Fryske Studinteferienings. Se siet altyd wol of yn it bestjoer of wie redaksjelid, en yn elts gefal joech se geregeldwei har miening yn De Stienen Man. Tegearre mei Rindert Straatsma hat hja derfoar soarge dat dat blêd syn namme fan kaderblêd wier meitsje koe.



Tony Feitsma

(foto Frans Andringa)

As wittenskipper wie se alhielendal gjin keamergelearde, mar se koe goed organisearje en al har ferskillende aktiviteiten har gerak jaan. Ik wit noch skoen dat se my eksakt op de jûn fan myn doktoraal eksamen skille; se koe my nammentlik as skriuwer yn Fryslân Oerein!, it blêd fan de Fryske studinten. De fraach wie oft ik, no't ik nei myn eksamen nei Fryslân komme soe, lid wurde woe fan de redaksje fan De Stienen Man, dêr't yn dy tiid J. van der Meer,

Sybe Sybesma en Jan de Vries lid fan wienen, en Tony fansels. Datselde organisaasjetalint kaam ek út doe't se, tegearre mei Henk Meijering, beide al yn dieltiid professor, troch handige kombinaasjes der wer foar soarge dat Trinus Riemersma en oaren oan de Frije Universiteit assistintskippen krije koenen en sa noch wer mear ûndersyk en publikaasjes op priemmen sette.

Yn de wittenskip fûn se it fan grut belang om it Frysk mei oare minderheidstalen te fergelyken om út te finen wat foar sokke talen wichtige faktoaren foar har fuortbestean en bloei wêze koenen, en wêr't krekt de gefaren sieten. Dy kennis koe se dan wer brûke yn de praktyk fan de beweging, as it gie om de bêste metoade fan taalbefoarding, it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis of it amtlik brûken fan de taal. By it skriuwen fan de kommentaren fan de Ried op it rapport fan de kommisje-Van Ommen

(1970) oer de taak fan de ryksoerheid foar it Frysk oer en ryksjild foar it Frysk hie se bygelyks in belangrike rol, en se prate mei yn tearen mei ministers as Marga Klompé, dy't altyd sa moai 'uw ryt' sei as it oer de Ried gong, en Cees van Veen.

De bibliografy dy't by har fyftichste jierdei yn 1978 ferskynde, Jiddyjefte, befettet 567 titels, en al har artikels fan De Stiennen Man, grut, of lyts as se yn in neiwurd noch it lêste wurd hawwe woe, steane der yn. Sa is te sjen dat it net allinnich oer taal en taalbefoarding giet,

mar ek om kwestjes dy't sydlings ynfloed hawwe kinne op de kultuer, lykas gewestfoarming.

Yn de twadde helte fan santiger jierren easke de striid om de staveringsferoaring in grut part fan har tiid. As taalwittenskipper hie se fansels bepaalde opfettings oer wat in goede stavering is, en se fûn ek dat taalkundige arguminten yn it debat belangryk wiene. Spitigernôch krigen sy en har meistanners, dêr't ik ek by hearde, gjin gelyk. (It is aardich om te sjen dat no de jongerein benammen op ynternet syn eigen

wei giet en sels wol útfynt hoe't se har Frysk staverje wolle).

Fansels wie Tony, sa't Meijering ek seit yn syn Yn memoriam yn De Moanne (8,2009, nr.7), net altyd like maklik. Dat is wier, mar dêr stie in soad foar oer, mei yn myn eagen as grutste fertsjinst, dat hja altyd fol nije ideeën siet, dy't hja tige ynventyf út alle hoeken en hernen wei helle en dy't se ek besocht út te wurkjen en yn te setten foar har ideaal.

WÊR BEMUOIT DE RIED HIM MEI?

Jabik van der Bij

De titel boppe dit stikje kin op twa wizen lêzen wurde. It nije Frysk Hânwurdboek jout by "jin bemuoie mei" as earste betsjutting: *jin yn litte mei eat dêr't men neat mei nedich hat* en as twadde *jin dwaande hâlde mei*. Hoewol't der sa no en dan minsken binne dy't fine dat de *Ried fan de Fryske Beweging* him mei saken bemuoit dêr't er neat mei te krijen hat, giet it hjir om de twadde betsjutting: wat sjocht de Ried as syn wurkfjild? Is de Ried inkeld in taalbeweging of heart dy ek útspraken te dwaan oer of aksje te fieren tsjin/foar bygelyks de weryndieling fan gemeenten, fúzjes, it lânskip en de ynfrastruktuer yn de provinsje. Dit stikje is mear bedoeld as in oanset ta diskusje as dat it in ferwurdzjen fan it stânpunt fan de Ried is.

Neffens my is de *RfdFB* yn it foarste plak in taalbeweging. De doelstelling yn it karbrief jout in wat rommere omskriuwing: "*de Stifting hat ta doel it bewarjen en befoarderjen fan de Fryske identiteit, taal en kultuer*", mar it falt noch net ta om te definiearjen wat Fryske identiteit en Fryske kultuer krekt binne. Men moat jin ôffreegje oft der wol in Fryske identiteit en in Fryske kultuer binne. It liket my tige nuoddlik om befolkingsgroepen in etiketsje yn de foarm fan in identiteitsplaatse op te

plakken. Mei Prinses Máxima bin ik it iens: in Nederlânske identiteit bestiet net, allikemin as in Fryske identiteit. It begryp identiteit kin better allinne mar foar yndividuen brûkt wurde en dan moat men ek noch foarsichtich wêze om net yn stereotypen te ferfallen. As der al sprake wêze soe fan wat mienskipliks, dan is dat de taal, mar sels dêr is it oppassen mei. Minsken ferskille yn har brûken fan de taal. De persoanlike ekspresje dêr't men minsken oan weromken, is op syn minst sa belangryk as it mienskiplike.

Wat foar identiteit jildt, komt foar in grut part oerien mei it begryp kultuer. Ek dêr moat men jin by ôffreegje oft der wol soks as Fryske kultuer is. Noch eefkes ôfsjoen fan alle ynfloeden dy't Hollânske en bûtenlânske migranten meinnommen hawwe, ek fan de oarspronklike befolking yn Fryslân is min te sizzen dat se dielnimmers fan it abstrakte begryp Fryske kultuer binne. De ynwenners fan Fryslân sille wol beskate gelikense gewoanten hawwe, mar dat wurdt wat langer wat minder. In libbene, iepene en dynamyske mienskip hat gjin ivige gewoanten en noarmen: libje is feroarje. It wurdt tiid om op te hâlden mei dierber te dwaan oer identiteit en kultuer. Dat liedt der allinne mar ta dat minsken stigmatisearre wurde. Sa fan:

Friezen binne stoef, negers stjonke en Hollanners binne net te fertrouwen.

Foar my bliuwt dêrom fan it rychje út it karbrief de taal oer. Befoarderje dat minsken safolle mooglik har eigen taal brûke kinne en soargje dat de taal him yn in feroarjende mienskip dochs ûntjaan kin. Dat betsjut yn it foarste plak a) it fêstlizzen fan de rjochten fan de Fryskprater¹ en b) it befoarderjen fan it brûken fan it Frysk yn alle iepenbiere romten. Dy positive doelstelling hat wol in kearside: c) alle beheiningen dy't it brûken fan it Frysk yn 'e weilizze, moatte opromme wurde. De omskriuwing fan de lêste twa sinnen jout oan wêr't de Ried him mei bemuoie moat. It is net de bedoeling om hjir in folslein oersjoch te jaan fan de grinzen oan dy bemuoienis, it binne in pear foarbylden om it tinken op te rjochtsjen.

a. Salang't der sprake is fan in Fryske Beweging, al fier foar de tiid dat der in Ried fan de Fryske Beweging wie, hawwe minsken foar it rjocht op it brûken fan har eigen taal fochten. Sjoerd van der Schaaf hat dat yn syn boek oer de Fryske Beweging wiidweidich beskreaun. Hjoed-de-dei lizze de rjochten wat it Frysk oanbelanget al aardich fêst. Foar de oare Fryske talen is dat mar foar in

part sa. Neffens my giet it fjochtsjen foar lykberjochting net allinne om it Frysk mar ek om de oare talen dy't yn de provinsje thúshearre. Ik tink ek dat minsken dy't troch minister Van der Laan "nieuwe Nederlanders" neamd wurde, hiel goed foar dit lân kieze kinne, sûnder dat se har eigen taal ôfswarre hoege. De Fryske Beweging sil oaren gunne moatte wat de Friezen ek foar harsels freegje: it rjocht om de memmetaal oan de nije generaasje troch te jaan. Dêr't dat rjocht skeind wurdt, sil de Ried op de barrikaden moatte. De Ried sil derop tasjen moatte dat rjochten neilibbe wurde en minsken har rjocht krije.

b. No't it Frysk op it juridysk mêd de fuotten aardich ûnder it gat hat, ferleit it wurk fan de Ried him de lêste jierren mear yn de rjochting fan it befoarderjen fan it brûken fan it Frysk. De sinjalen wize derop dat it Frysk stadichoan by de jongerein as omgongtaal op strjitte en skoalplein ferdwynt. Op de doarpen dêr't it gebrûklik wie dat de bern Frysk mei-elkoar praten, liket dy taal

nei de râne fan de mienskip te ferdwinen: yn lytse rûnte thús. It liket hast as giet it sprutsen Frysk no deselde wei as it skriftlik Frysk yn de 16e ieu, dêr't Piet Paaltjens oer sei: "Naar ploeg en koestal vluchtte uw taal." Tagelyk sjocht men dat op it ynternet faak Frysk brûkt wurdt en dat it Frysk yn de muzyk fan de jongerein populêr is. Der wurdt wolris grute dat de bern sa twatalich binne dat se sels net iens yn 'e gaten hawwe hokker taal oft se prate. Yn sa'n situaasje strúpt de minderheidstaal der maklik ûnder. Dêrom set de Ried derop yn dat it Frysk wer **gewoan** wurdt, sawol yn it mûnling as it skriftlik ferkear. It is yn dit ferbân in stimulan dat de Deputearre foar taal&kultuer har net ferbrekt as se yn it iepenbier har wurd-sje docht. It ûnderwiis sil stimulearre wurde moatte om it Frysk like ernstich te nimmen as rekkenjen en Hollânske taal. De Ried stiet der wat dat oanbelanget net allinne foar. De profesjonele ynstituten as Cedin, СТВО, Afûk en Frysk Academy binne dêrfoar yn it libben roppen. It wurkgebiet fan it befoarderjen fan it brûken fan it Frysk

sil de kommende jierren it spearpunt fan de Ried wêze moatte en grif ek it dreechste.

- c. Bliuwt oer de beheinings dy't foar it Frysk ûntsteane troch maatskiplike ûntjouwings. Net mei alle ûntjouwings hoecht de Ried him dwaande te hâlden. Wol as de beheinings streekrocht gefolgen foar de taal hawwe. Hoewol't it jin somtiden oangriist hoe respektleas it Fryske lânskip hjir en dêr fergriemd wurdt, lykas by de Sintrale As, de Heak om Ljouwert en al dy lege yndustry-terreinen, it hat net fuort konsekwinsjes foar de taal. De Ried moat neffens my wol syn beheinings kenne. Der binne oare organisaasjes dy't har dêrmei bemuoie sille. It wurdt oars as der bygelyks plannen makke wurde foar in lânsdiel Noard, dêr't Fryslân yn opgean moatte soe. Soks hat grutte konsekwinsjes foar it Frysk. Yn in protte bestjoerlike fermiddens kin dan gjin Frysk mear brûkt wurde. Fúzjes dy't oer de provinsjegrinzen hinne geane, liede ta funksjeferlies fan it Frysk. Earder is dat al bard mei de *Keamer fan Keaphannel* en it *Kadaster*. Wa't no mei de KvK bellet, kriget immen yn Grins foar de telefoan dy't gjin Frysk ferstiet of ferstean wol. Hoefier't gemeentlike weryndielings konsekwinsjes foar it Frysk

hawwe, is net hielendal dúdlik, mar hast altyd wurdt yn sa'n proses it Frysk der minder fan. Ek migraasje, mingde houliken en heterogenisearing² hawwe grutte gefolgen hân. Friezen stappe maklik oer op it Hollânsk en sa lûkt it Frysk altyd oan de koartste ein. Nimmen kin en mei dy ûntjouwings tsjinhâlde. Wol mei oan de nijkommers frege wurde om op syn minst it Frysk passyf behearskjen te learen, sadat net altyd frege wurde hoegd oft der ek Hollânsk praat wurde kin. Koartsein komt it der op del dat de Ried yn sokke gefallen wol in taak foar himsels sjocht. Dat wurdt no al dien troch minsken by it skriuwen fan har stikjes yn it Frysk te helpen (www.goedfrysk.nl). Der is noch in hiel lange wei fan foarljochtsjen en bewust meitsjen te gean.

Gearfetsjend: myn stelling is dat de Ried him dwaande hâlde moat (bemuoie) mei alle ûntjouwings dy't it brûken fan it Frysk stypje of behinderje. De Ried mei him dan bêst ynlitte (bemuoie) mei saken dy't net fuortdaliks ferbân mei in taalbeweging hâlde, mar wol konsekwinsjes foar de taal hawwe. Sa komme de beide betsjuttings dochs byelkoar.

Noaten:

1 As ik it hjir oer it Frysk of de Fryskprater haw, dan doel ik ek op it Stellingwerfsk, Biltsk, Hylpersk en Stedsk en alle oare farianten dêr't Fryslân sa ryk oan is.

2 Under heterogeanisearing fersteane wy û.o. it mear trochelkoar wenjen fan Frysktaligen en oarstaligen, wêrtroch't op it plattelân mear oarstaligen en yn de stêd mear Frysktaligen komme te wenjen.

FATSOENLIK OF KRÛPERICH?

Sytze T. Hiemstra

Guon Friezen binne sa fatsoenlik foar 'nije Friezen' oer, dat se yn 'e wille binne en offerje har eigen taal, gebrûken en rjochten op. Sa'n krûperige hâlding wie foar de *Feriening Frysk Underwiis* oanlieding om dêr oan bestjoer, leden en ôfdielingsbestjoeren fan de BvPF *Vrouwen van Nu* in brief oer te skriuwen. Understeande tekst jout yn grutte halen de ynhâld fan dat brief wer.

It *bûn fan plattelânsfroulju* yn Fryslân stie altiiden bekend as Frysk en Fryksinnich. Dêrby kin tocht wurde oan it rjocht op it *brûken* fan it Frysk (bygelyks yn offisjele gearkomsten of oare formele situaasjes), it *net diskriminearjen* fan de sprekkers en skriuwers dêrfan en fan de taal as in tige *weardefol kultureel erfskip* dat hoede en noede wurde moat. Is dat noch altiiden sa?

In grut probleem yn Fryslân is dat Friezen harren samar ferbrekke yn de oanwêzigens fan Hollânsktaligen. Guon lju achtsje dat fanselsprekkend en in died fan saneamd 'fatsoen'.

Dy opfetting fan 'fatsoen' is yn in grut tal gefallen nochal diskutabel en liedt gauris ta it mjitten mei ferskillende mjitten foar it Frysk en it Hollânsk en sadwaande ta befoarrjochting fan it Hollânsk.

Dat soe oars en better kinne. De eigen Fryske taal soe oeral folweardich brûkt wurde moatte. Dat betsjut foar ús dat Hollânsktaligen dy't yn Fryslân libje en/of wurkje, sa gau mooglik Frysk leare. In frij lyts persintaazje fan de ynwenners (6,30%) kin de taal net of mei muoite ferstean. Foar it grutste part fan de Friezen is Fryskpraten dus gjin behindering.

En foar it part dat it noch net ferstean kin, freget in goede yntegraasje yn Fryslân dat se it Frysk sa gau mooglik leare te ferstean en eventueel ek te praten en/of te skriuwen.

Yn dat ferbân foel it ús op dat jimme foarsitter, mefrou Nely Jukema-Nammensma (*Leeuwarder Courant*, sneon 30 maaie 2009, Sneon & Snein, s. 3) binnen jimme organisaasje in oare kar makket as se seit:

"Ik kies voor het Nederlands, ook tijdens vergaderingen. Het is geen officieel standpunt, maar al zit er maar een halve kip in de zaal die geen Fries verstaat, dan passen wij ons aan. We willen gastvrij zijn en niemand isoleren. We hebben veel vrouwen van buiten de provincie, in Gaasterland bij-

voorbeeld, en die zetten zich geweldig in voor de bond. Daarnaast zijn we ook een soort inburgeringsorganisatie voor vrouwen die in Friesland komen wonen en zich aanmelden om anderen te leren kennen. Ook zij verstaan het Fries niet.”

Ynboargering fan net-Frysktaligen betsjut foar ús lykwols wat oars as it jin as Frysktalige daliks ferbrekke ‘als er ook maar een halve kip die geen Fries verstaat’ yn de seal sit. Hoe moatte oarstaligen it Frysk leare as soks offisjeel belied wêze soe? Dat it ek hiel oars kin, lit ús Provinsjaal Bestjoer sjen. Us tige wurdearre deputearre Jannewietske de Vries (PvdA) foarop. Mar ek oare deputearren meitsje hjoed de dei harren plak op dat stik goed skjin. Wichtich, want it binne kaaifigueren yn ús provinsje as it om it Frysk giet.

In direkteur fan in promoasjebedriuw neamde koartlyn in Frysktalige speech dy’t deputearre De Vries hold foar in kongres (yn Snits) fan boatsjeminsken, yn in *Te Gast (Ljouwerter Krante*, 7 okt. 2009) in teken fan ‘slecht gastvrouwschap’. Twa bekende en foaroansteande

CDA-steatedelen, de hear Geart Benedictus en mefrou Corrie Hartholt-van der Veen, hawwe de taalhâlding fan dy direkteur yn de *Ljouwerter Krante* (21-10-2009) sterk kritisearre. En de Steatedelen fan de PvdA hawwe koart dêrnei der mei rjocht noch in skepke boppe-op dien (*LC*, 02-11-2009). Ek de reaksje fan Pieter de Groot (*LC*, DWERS, 23-09, 2009) ûnder de kop ‘Kontraproduktyf geraas’ is tige ferhelderjend en soe ús, ek de BvPF, *Vrouwen van Nu*, oan it tinken sette kinne oer it fraachstik fan it jin sûnder needsaak ferbrekken: ‘De eigen taal makket neist wetter, bosk en iepen fjild de sjarme en dêrmei de krêft fan Fryslân ús en hat baat by promoasje yn stee fan tsjinwurking’.

Wy soene dan ek graach wolle dat it ‘ferbrekgedrach’ fan Frysktaligen ris oan de oarder steld wurdt yn jimme organisaasje (ynklusyf de ôfdielings) en dêr de fraach oan ferbine oft it ‘oanpasgedrach’ sa’t yn boppe oanhelle fragmint nei foaren komt, wier needsaaklik is. En oft der gjin oare oplossings mooglik binne dy’t rjocht dogge oan de grutte mearheid fan de lju yn Fryslân dy’t it Frysk wol ferstean en prate kinne. Wurde dy feitliken sa net diskriminearre? Moat de ‘taalmacht’ fan in lyts tal oars-taligen de noarm foar it taalgebrûk bepale yn

jimme Fryske gearkomste(n)? In foarsitter hat in foarbyldfunksje en beskiedt faak troch syn of har taalkar ek it taalgebrûk fan oaren yn offisjele gearkomsten. Dat liedt yn Fryslân te faak en te folle ta de, gauris ek ûnbewuste, kar foar it Hollânsk.

As wy de krante goed begripe, skynt der by de BvPF, *Vrouwen van Nu* gjin offisjeel taalbelied (sjoch sitaat boppe) te wêzen. It hinget dus fan oare faktoaren ôf oft it Frysk (mûnling en/of skriftlik) troch jimme kaaifigueren al of net brûkt wurdt yn bygelyks jimme offisjele gearkomsten en oare *formele* fermiddens. Neffens ús soe der by jimme organisaasje (en yn de regio’s en ôfdielings dêrfan) in *taalbeliedsplan* en/of in *taalstatút* komme moatte dat folslein rjocht docht oan it Frysk, de twadde rykstaal fan it lân en de earste taal fan ús provinsje.

Wy binne as *FFU*, eventueel yn ’e mande mei de *Ried fan de Fryske Beweging* en oare organisaasjes, ree en stypje jimme by it opstellen en gearstallen fan sa’n plan of statút.

It folsleine brief is oan te klikken op it webstek fan de FFU:

www.fryskebeweging.nl/ffu/útgeandebrieven2009

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLÂN



De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân is oprjochte yn 1981 en hat dus al mear as 25 jier bestien. It idee fan in freoneferiening is ûntstien troch de sniewinter fan 1979. Troch tawaan fan de Omrop wie it isolemint better fol te hâlden, it soarge foar binning tusken minsken en foar binning mei de Omrop. En fan dat momint ôf kaam men ta it ynsjoch dat regionale radio en televyzje fan libbensbelang wêze kinne. Fia de Omrop koe doe de help koördinearre wurde.

Sûnt dy tiid is de posysje fan de Omrop gâns ferbettere. Der is jierlikse finansjele stipe fan it Ryk en fan de Provinsje. De Omrop is útgroeid ta in stevich bedriuw. Mar dochs bliuwt in freoneferiening fan hiel grutte wearde. Sa'n freoneferiening jout in bân tusken de Omrop

len fan de organisaasjes dy't har yn de lêste tiid by de Ried fan de Fryske Beweging oansletten hawwe, is de 'Feriening Freonen fan Omrop Fryslân'. Om bar stelle de oansletten organisaasjes har oan de lêzers fan Swingel foar. Foar de FFOF docht Geartsje Fokkema dat.

en de mienskip en wol wat betsjutte foar de taal en kultuer: in omrop fan en foar de Friezen.

De feriening jout ynformaasje oer en stipe oan dy Omrop. De FFOF is dus letterlik 'each en ear' fan de Omrop. En dit is dan ek – hiel tapaslik – de namme fan it ledeblêd. Fjouwer kear yn 't jier wurdt dit blêd, dat sûnt koart alhiel yn kleur is, útjûn en nei alle freonen ferstjoerd.

Wolle jo jo oanslute by de hast 2500 freonen dy't der al binne? Dat kin. De kontribúsje is minimaal € 9,- yn 't jier. Jo krije der in moaie pinne op ta. Efkes in berjochtsje op de mail: freonen@omropfryslan.nl of in bryfke nei Feriening Freonen fan Omrop Fryslân, Postbus 7600, 8903 JP Ljouwert, en it wurdt foar jo regele.

Geartsje Fokkema-Elgersma



WURDT IT NOCH WAT?

Sytze T. Hiemstra

Yn in brief oan alle leden fan de Twadde Keamer hat de *Feriening Frysk Underwiis* op 24 augustus 2009 syn soarch útsprutsen oer de stadige gong fan saken as it om beslútfarming oer it belied oangeande de Fryske taal giet.

De FFU hat him sawat in jier earder, op 15 septimber 2008, mei út namme fan de Ried fan de Fryske Beweging en in Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy, ta de ministers fan OCW en Binnenlânske Saken en de leden fan de Twadde Keamer rjochte oer it tapassen fan it *European Charter for Regional or Minority Languages* op de Fryske taal. In pear wike letter berjochte de griffy dat de brief yn in prosedueregearkomste fyn de Fêste Kommisje foar OCW behannele wie en dat oan de beide ministers frege wurde soe om in reaksje. As dy reaksje ynkommen wie, soe de Fêste Kommisje de FFU witte litte oft en hokfoar stappen nommen wurde soene. Dy reaksje wie der yn augustus 2009 noch net en dêrom loek de FFU mar wer ris oan de skille.

Wol hat de FFU op 18 desimber 2008 in reaksje fan Steatssekretaris Dijksma krige, mar dy kundige *net* oan dat der in wetlike ferplichting komme sil foar it ûnderwiis yn it Frysk. Soks is yn striid mei it Europeeske Hanfêst, want ‘der *kin* ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde’ is net itselde as ‘der *wurdt* ûnderwiis yn it Frysk jûn’. Neffens de FFU moat dat fersom yn in reparasjewet sa gau mooglik goedmakke wurde. Salang’t de Provinsje gjin eigen sizzenkip op dat mêd hat, moat soks allegearre yn De Haach regele wurde, en dan eint it net. Fanwegen de urginsje fan fiergeande maatregels foar it Frysk yn it ûnderwiis kin net wachte wurde oant de kommisje Hoekstra syn wurk dien hat. It is no al tritich jier lyn dat de eardere ‘Rykskommisje Frysk yn it bûtengewoan

ûnderwiis’ syn foarstellen dien hat! Deselde urginsje jildt ek foar it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis.

Underwilens hat it ‘Konsultatyf Orgaan Fryske taal’ yn syn brief fan 23 maart 2009 oanjûn wat yn de kommende twa jier feroare wurde moat. De helte fan alle urginsjes slacht op it ûnderwiis, û.o. op it gau oanpassen fan artikel 11 fan de wet op it fuortset ûnderwiis. Fierders op it ûntwikkeljen fan in minimumstandert, it hanthavenjen yn it basisûnderwiis, de ynspeksje, it foech fan de Provinsje om de kearndoele skiednis oan te passen en it oplossen fan it tekoart oan learkrêften mei foech.

De FFU ûnderstreket dy urginsjes en trunet Keamer en Kabinet oan om op tige koarte termyn de needsaaklike maatregels te nimmen, hoe’t de útkomsten fan de Stjoergroep Hoekstra ek wêze meie.

It folsleine brief fan 24 augustus 2009 en it tige wiidweidige brief fan 15 septimber 2008 dêr’t nei ferwiisd wurdt, binne ek oan te klikken op it webstek fan de FFU: www.fryskebeweging.nl/ffu/útgeandebrieven2009 (24-08-2009).

AMBYSJE

Pier Bergsma

Neffens Hester de Boer hawwe de Friezen te min ambysje. Mei't it wetter heger komt, is soks in foardiel.

Op moandeitemiddei 12 oktober promovearre Hester de Boer yn Grins op it proefskrift 'Schoolsucces van Friese leerlingen in het voortgezet onderwijs'. It hat in moai omslach mei de Fryske flagge heech oan de peal. Fansels wienen der krityske fragen. Sa frege Roel Bosker, heechlearaar ûnderwiiskunde, oft dy flagge, fanwegen de konklúzjes fan it ûndersyk, net better healstok hingje kinnen hie. Ommers, foar de safolste kear wurdt útwiisd dat de Fryske bern efterbliuwe. Dat hat neffens Hester te krijen mei de ambysje fan de Friezen. It is harren gau goed. Kees Verhaar, dy't yn de begeliedingskommisje siet, wie it der wakker mei iens. Hy skreau deselde wike yn de Ljouwerter Krante dat troch de lege ambysje fan de âlden en skoalmasters de rjochten fan it bern skeind wurde. Duvel, as dêr mar neat efterwei komt, de abbekaten wriuwe harren al yn de hannen.

Wylst Bosker en de oaren trochsangeren oer dy ambysje, moast ik tinke oan de súpketen dêr't de Fryske jongerein ta de nacht út omhinget en de oare deis op skoalle heal yn 'e sûs. Wat komt fan sokken telâne, útsein dat it goede pikefangers wurde. En as der dan al Friezen binne mei ambysje lykas ús eigen Boukje út Driezum, de grutte leafde fan Dirk Scheringa, hast ek in Fries, ommers Gryptsjerk, dan rint it noch op 'e non.

Ek de minsken dy't ferline jier besochten om de Friezen eigenwearde te jaan mei harren 'Oanfalsplan Frysk', binne koartlyn troch Goffe Jensma yn 'De Moanne' delsabele. It soe neffens him hiel oars moatte, mei ferlieding en dan neamt er as earste de ferlieding fan de literatuer. Mar dy pikefangers en al dy oare Friezen sûnder ambysje lêze net. Gjin Hollânsk en al hielendal gjin Frysk. Ik bin ien fan de lêsten dy't noch Frysk lêze kin en sadwaande siet ik yn de trein nei hûs op dy moandeitemiddei te lêzen yn 'Ûnder Wetter' fan Koos Tiemersma. Dêr waard ik noch mismoediger fan as ik al wie. Yn dat tryste boek is it 2065 en Fryslân strûpt ûnder wetter. Der komt fan de Friezen en Fryslân neat telâne.

Fan de oare kant, betocht ik, lizze der krekt mei it hege wetter op komst in soad mooglikheden. It folk dat ús ienfâldige Friezen noch in bytsje yn 'e stokken hâldt, hat it der ommers oer dat men eltse bedriging sjen moat as in kâns. Tsjin de tiid dat it wetter heger en heger komt, hawwe wy neat oan dy heech ûnderleine lju, mei harren ambysjes en harren gejeuzel. Dan komt it derop oan om oan te pakken: grave, bodzje, de bealch derop, draglines bestjoere. Dat sjoch ik Kees Verhaar, Goffe Jensma en Roel Bosker noch net dwaan. Sa kaam ik fleurich thús. Boppedat makke it jûnsiten in soad goed. Myn Hinke siedt meastentiids op moandei, wy hawwe dat ferdiel oer de wike. Wy krigen hin.

STIKKERS

Fêde Stipersma

Koartlyn hat in sakeman yn Dokkum de ienige echte ‘Praat mar Frysk’-stikker meitsje litten. It earste eksimplaar hat er oan de boargemaster fan Dongeradiel oanbean. Dat lies ik op It Nijs. Ik frege my ôf, hoe sa, *de ienige echte?* Dat waard yn dat berjocht net dúdlik makke. Soks bliuwt wat stykjen. Men wol witte wêrom’t neffens dy man syn stikker de ienige echte is. Wat skeelt der oan de stikker mei deselde tekst dy’t in pear jier lyn troch de Ried fan de Fryske Beweging yn omrin brocht is? En jierren dêrfoar wiene sokke stikkers der dochs ek al? Allegearre sabeare stikkers? De tekst kin it net oan lein hawwe, soe men tinke. Wêr ûnderskiedt de Dokkumer stikker him dan troch? Plakten se net goed? Ferblikten se? Wiene se te lyts? Wie de tekst net goed te lêzen? Hawar, as ik yn Dokkum kom, sil ik om my hinne sjen en besykje om it gewaar te wurden.

De measte stikkers dy’t by de Ried te krijen binne, kin ik net folle mei. ‘Praat mar Frysk’ en ‘Elts wa’t wend is Frysk te sprekken hoecht him hjir net te ferbrekken’ kin ik wol op ús nammebuordsje by de foardoar plakke, mar ‘Wy helpe jo graach yn it Frysk’ en mear sokke teksten binne bedoeld om yn winkels brûkt te wurden. It kin wêze dat ik net goed sjoch of dat ik it net tref, mar ik bin se noch nea tsjinkommen.

Okkerdeis prate ik mei ien dy’t syn boadskippen yn in wat grutter plak docht. Dêr wennet in soad ymport. It fljocht him oan dat de klanten yn sa’n plak altiten yn it Hollânsk oansprutsen wurde en dat dy dan suver automatysk yn it Hollânsk werom prate. “As ik by de kassa yn ‘e rige stean”, sei er, “hear ik gauris dat minsken, dêr’tst daliks wol oan hearre kinst dat it Fryskpraters binne, Hollânsk – of wat dêrfoar trochgean moat – prate. De kasjêre groetet mei ‘Goeiemorgen’ en ‘Heeft u ook

een ...-pas?’ en dêrmei is fuortendaliks mar fêststeld dat de fierdere kommunikaasje yn it Hollânsk ferrinne sil.”

De man hie derop útfûn om it winkelpersoneel foar te wêzen. Sa gau’t er oan bar is, groetet er de kasjêre helderop yn it Frysk. Hast al dy froulju – manlju sitte dêr eins nea – prate Frysk, mar de baas skynt har yndruid te hawwen dat se dat pas blike litte meie as it fan de klant útgien is. “Net-taalbewuste klanten prate fierstente maklik yn it Hollânsk werom en litte it mar sa of se tinke dat it fanke net Frysk ferstiet.”

De man woe wol dat der in *bêdzj* of badge, sa’t it ek wol skreaun wurdt, bestie mei de tekst ‘Ik wol graach yn it Frysk holpen wurde!’. “Of in kaartsje, sa grut as in paske mei dy tekst, dat ik earst foar de kasjêre dellis. Silst ris sjen, hoe’t dat fertuten docht. Winkelju leit dochs yn ‘e mûle bestoarn dat se op de fragen fan de klant reagearje? ‘De klant freget derom.’ No dan!”

DE FRIEZETSJERKE YN ROME

Jabik van der Bij

IN MOETINGSPLAK FOAR NEDERLANNERS

Dit artikel hie eins al yn de foarige Swingel sillen, mar dat kaam mei de romte net goed út. No't it yn desimber ferskine sil, heakket it suver noch better op de aktualiteit oan, want krekt by it tarieden fan dit nûmer waard de Friezetsjerke yn ûnderskate media omtinken oan jûn, mei't it earste part fan de restauraasje yn novimber oplevere waard. Slein 15 novimber stjoerde de RKK by dy gelegenheid op de TV in tsjinst út, dy't op it ynternet noch wol wer te sjen is. (red.)



Yn Swingel 24 skreau Klaske Straatsma oer in Fryske les yn it Fatikaan. It tafal wol dat de frou en ik mei kunde fan ús in pear wike letter ek yn Rome wiene en dêr fansels in besite oan de Friezetsjerke bringe woene. Wa't net krekt wit wêr't dy te finen is komt mei it freegjen nei de *Friezetsjerke* by de Romeinen net folle fierder. Sels by de toeristeburo's hie nimmen fan de Friezetsjerke heard. Mei de Frisian-church koene se gjin kant út.

Wy hiene mei ús kemper in plakje fûn op in kreaze kemping yn it noarden fan Rome (Camping Flaminio yn de wyk mei deselde namme). Op de kemping wiene ferskate ekskurzjemooglikheden te keap. Om net mei de kemper fierder Rome yn te hoegen, namen

wy in kaartsje foar fjouwer dagen frij-iepenbier ferfier (trein, bus, metro en iepen dûbeldekkers). Dat hat ús skoen foldien omdat men dan nearne mear kaartsjes hoecht te keapjen en yn- en útstappe kin dêr't men wol.

Us earste rit wie nei it toeristeburo by it Fatikaan, dêr't wy noch wat mear ynformaasje sammelje woene. Omdat it ús earste kear yn Rome wie, fregen wy dêr hoe't wy de Friezetsjerke fine moasten. De eachjes fan it fromeske efter de baly seagen ús net begripend oan. Der wiene safolle tsjerken en se koe se hast allegearre opneame, mar fan de Friezetsjerke hie se nea heard. Se woe har kollega's wol eefkes freegje. Ek dy seagen ús oan as kamen wy fan in oare planeet en sa't dat by Italianen giet, al rillegau stiene der in stik of

fiif minsken mei elkoar yn it Italiaansk en Ingelsk oer it fenomeen Friezetsjerke te keakeljen. It like ús mar better ta om it petear te litten foar wat it wie: ien fan ús hie om it hoekje in hege stiennen trep sjoen dy't neffens har wolris nei de Friezetsjerke liede kinne soe. Yn har ûnthâld moast men in hege trep op om dêr te kommen en wy wisten dat it fuortby it Fatikaan wêze moast. En ja hear, doe't wy nei dy trep ta rûnen seagen wy in Nederlânske flagge hingjen (sjoch poartsje midden fan de



foto hjirboppe). Boppe waarden wy hertlik ûntfongen troch in gastfrou fan de Friezetsjerke.

Benammen fan it toeristeburo, dat dêr noch gjin fyftich meter fan ôf is, deun njonken it Fatikaanplein, ferwachtet men dat se de Friezetsjerke kenne. Wy hawwe harren letter ferteld dat wy de tsjerke fûn hiene. Doe ljochten de eachjes op: o, jo bedoelden de Michaël- en Magnustsjerke. Wy hawwe har mar net mear wizer makke oer de Friezen en har omballingen yn Rome, want dat is in lang ferhaal.

Dat lange ferhaal is û.o. opskreaun troch biskop Muskens¹. Dy hat dêr in boek fan mear as 350 siden oer skreaun. Eins moat men sa'n boek lêze foar't men der hinnegiet. Dan sjocht

men folle mear. Muskens hat it nei myn gefoel mei respekt foar de pylgers skreaun en hoewol't de Nederlanners de tsjerke as in stikje fan har fiele, fertelt Muskens moai dúdlik de skiednis fan de Friezen mei har tsjerke út in tiid dat der noch gjin sprake wie fan Nederlân. Muskens is lid fan de Fryske Akademy. Hy fertelt mei passy oer it stikje grûn fan de Friezen yn it fiere Rome, want sa waard dat field troch de pylgers dy't nei in meastal gefaarlike en drege reis opfongen waarden troch har lânslju

yn de eigen *schola*². Pylgers út it easten en it westen kamen nei Rome ta om te bidden, te meditearjen en jeften te bringen op it plak dêr't fan tocht waard dat de apostel Petrus dêr begroeven lei. Dat plak wie yn de wyk dy't no noch Trastevere³ hjit. Krekt oan de oare kant fan de Tiber, foar dat Trastevere oer, hiene de Joaden, as keaplju en lytse ûndernimmers, har al foar de jiertelling nei wenjen set. Wy seagen dêr no noch in synagoge stean. De apostels Paulus en Petrus sochten fansels har eigen



Yn read, linksboppe: Mausoleum Hadrianus. It oare diel is de "Schola Saxonum" mei rjochtsûnder de Friezetsjerke.

folk op doe't se yn Rome begûnen te preekjen. Dat hiene se sa ek dien yn Lyts-Azië (it hjoeddeiske Turkije) en Grikelân. It is dan ek wol oannimlik dat Petrus begroeven is op it begraafplak yn Trastevere, dêr't Joaden en rike Romeinen leine. Nei de earste ieu nei Kristus kamen ek in protte Joaden nei har dea yn de katakomben⁴ telâne. Oft it grêf dat letter as it grêf fan Petrus oanwiisd is, it echte grêf is, kin men twivels oer hawwe. Muskens liket der wol fan oertsjûge te wêzen dat de bonken dy't no yn de Sint Pitertsjerke lizze, de bonken fan Petrus binne. Feit is wol dat letter it plak fan de eardere *necropolis* (begraafplak) en it saneamde *sirkus fan Nero* it sintrum waard fan it Fatikaan en alles wat mei de Roomske tsjerke te krijen hat.

As keizer Konstantyn I yn 313 kristen wurdt en dêrmei ek tagelyk in ein oan de ferfolging makket, lit er in basilyk⁵ bouwe op it plak dêr't Petrus begroeven wêze soe, neidat er earder al de Basilyk fan Sint Jan fan Lateranen boud hie, bedoeld foar tsjerklike gearkomsten. It is in soarte fan mausoleum foar Petrus. Der wie yn de omkriten ek al sa'n bouwurk yn de *flakte fan Nero*, neamd nei de man dy't Petrus oan syn ein holpen hie, it mausoleum foar Hadrianus. Men mei derfan útgean dat de doar fan it mausoleum fan Petrus yn de begjinjierren net

platrûn is. Pas letter kaam de stream fan minsken dy't it mausoleum opsochten om in lampke oan te stekken, te sjongen en te bidden, op gong. Nei Konstantyn waard it in roerige tiid troch de saneamde folksferhuzing. Hiele folken waarden fan har plak ferdreaun troch stammen dy't op har beurt wer op de flecht wiene foar oare folken⁶. It âlde machtige Romeinske Ryk rekke yn ferfal. De Romeinske legers koene net oeral tagelyk wêze en de piid wie der ek foar in grut part út, mei troch de rûzjes ûnderinoar.

Yn de fiifde ieu, as de biskop fan Rome, de paus, de tsjerke bestjoerlik yn de macht begjint te krijen, komt de stream pylgers op gong. Ek fan de oare kant fan de Alpen komme se nei Rome. It tsjerklik toerisme kriget syn earste ûntjouwing. De besikers moatte foar langere tiid opfongen wurde en guon

wolle sels net wer nei hûs ta, mar yn Rome bliuwe. Sa wurdt ek it earste kleaster by it mausoleum stifte oan de ein fan de fiifde ieu: in plak dêr't in protte minsken in ûnderkommen fûnen. Ut dy tiid, oan de ein fan de seisde ieu, komt de leginde fan de earste nammejouwer fan de Friezetsjerke. Doe't Gregorius de Grutte paus wie, briek yn Rome in grutte pest-sykte út. De minsken wisten net wêr't se it sykje moasten; in grut part fan de Romeinske



befolking stoar. De paus organisearre dêrom in boete- en bidprosesje fan de *Santa Maria Maggiore* nei de *Sint Piter* mei it doel God te ferbidden om de pest ho te hâlden. Elts dy't mar rinne koe, moast meidwaan. In diaken hat it allegearre kreas opskreaun hoe't de optocht him bewege moast. Doe't de tocht oer de Tiber gong, seagen se boppe it mausoleum fan keizer Hadrianus (symboal fan de ierdske macht) de aartsingel Michaël sweven, dy't syn swurd yn de hâlder stiek. It wie foar harren it teken dat de pest ophâlde soe. As tank stifte de paus njoggen tsjerken dy't oan Michaël wijd waarden. Dêrfan is hjoed-de-dei allinnich de Friezetsjerke noch oer. It ferklearret de earste helte fan de offisjele namme fan de tsjerke. Sûnt dy tiid waard it mausoleum fan Hadrianus ek de *Ingeleboarch* neamd. Boppe-op it mausoleum kaam in byld fan Michaël te stean en folle letter kaam it yn 1575 troch de Italiaan Ricciolini makke skilderij boppe it âlde alter te hingjen (sjoch foto fan ynterieur). Yn beide ôfbyldingen sjocht men Michaël syn swurd yn de skie stekken, as symboal foar de ein fan de pest.

Dy earste tsjerke is eins neat mear fan oer. Yn rûge tiden is in protte fernield. Rome waard aloan wer bedrige (Hunnen, Goaten en Sarasen). Us tsjerke waard hieltyd opmakke en fernijd. De tsjerke stie yn in hoekje fan de skola fan de Angelsaksen (*schola Saxonum*). Letter waard it stikje grûn mei de tsjerke troch de Friezen oarnommen (*schola Frisonum*). It wie de tiid dat it Kristendom yn it Keltyske Ierlân ta in hichtepunt kaam. De Kelten besochten om de Angelen en Saksen, dy't harren nei de rânen en úthoeken fan it hjoeddeiske Feriene Keninkryk dreaun hiene, foar it kristendom te winnen. Op har beurt stutsen de Angelsaksyske sindelingen de Noardsee oer om de Friezen te bekearen. Dat slagge pas yn de twadde helte fan de achtste ieu. Dêrom wie de



Michaëltsjerke yn Rome doe ek noch net in Friezetsjerke, om de ienfâldige reden dat de Friezen doe noch heidenen wiene. Dat feroaret yn de rin fan de njoggende ieu. Hieltyd faker geane ek Friezen op pylgertocht nei Rome en wêr soene se better opfongen wurde kinne as yn de skola fan de oan har besibbe stam fan de Angelsaksen, dy't hast deselde taal sprieken as hjasels. "Birds of a feather, flock together", sizze de Ingelsken no noch. Dy hiene doe al har eigen stik grûn tusken de Sint Piter en de Tiber, mei herbergen, feestalling, winkels en sikehuzen (*hospice*), foar safier't dat sa neamd wurde mocht. Harren terrein grinzge hast oan de grûn om de Ingeleboarch hinne. Fan de bruorren Liudger en Hildegrim is bekend dat se om 786 hinne al in skoft yn Rome tahol-

den. Der wurdt wol tocht dat se dêr de lettere keizer Karel de Grutte moeten en fan him de opdracht krigen om de Friezen foar it kristendom te winnen. It aardige is wol dat de wegen dy't de pylgers doe namen om yn Rome te kommen, no noch werom te finen binne. Wa ken net de via Aurelia, de via Appia en via Aemilia? Nei ferrin fan tiid skeppe de Friezen har eigen hoekje op de skola fan de Angelsaksen. Muskens meldt dat de *schola Frisonorum* al yn 799 apart neamd wurdt.

Tink ris yn: de Friezen hiene de lange tocht fan likernôch 2000 kilometer út Fryslân wei te gean makke mei alle gefaar en gemis dat men jin mar foarstelle kin. Stellerij, min waar, sykte en faak te min te iten, it hearde der allegearre by. Wat sille se dan bliid wêst hawwe dat se teplak wiene en yn de skola opfongen waarden troch eigen lânslju, dy't har taal praten en by wa't se har ferhaal kwyt koene en dêr't se wer by sûpe en stút kamen troch de fersoarging dy't se krigen. Se krigen help om Rome kennen te learen en der wiene reisgenoaten dêr't se mei werom reizgje kiene. Guon foldie it sa goed yn de drokte fan de wrâldstêd dat se dêr hingjen bleauwen en wurk sochten, oaren begûnen te buorkjen op it plattelân bûten Rome. Se koene har ek altyd noch by it leger

oanmelde, want dêr wie hieltyd ferlet fan minsken. Wa't hjoed-de-dei de Friezetsjerke yngiet, kriget lykas de pylgers fan alear it gefoel in lyts bytsje thús te wêzen. As men beseft hoefolle fuotstappen fan minsken út de noardlike kuststreken op dat plak lizze, moat men ûnwillekeurich weromtinke oan de begjinjierren fan de tsjerke. Hoe't dat krekt om en ta gien is, kinne wy ús no amper yntinke. Wy witte net iens wannear't de earste tsjerke dêr krekt boud is en troch wa, want Gregorius de Grutte mei dan miskien wol de namme oan de tsjerke jûn hawwe, dat wol noch net sizze dat er him ek boud hat. Miskien hiene de Angelsaksen dat al earder dien en hat Grego-

rius allinnich mar de namme jûn en hawwe de Friezen letter de tsjerke oernommen. Yn alle gefallen hat de tsjerke de hiele midsieuwen troch it plak west dêr't de Friezen en letter ek oare lju út de kuststreken har it earste deljoege as se yn Rome kamen.

It is net mooglik om hjir it hiele ferhaal fan de tsjerke en syn skiednis te skriuwen. Ik wol noch wol eefkes de twadde helte fan de namme fan de tsjerke neame: it is in oantinken oan in Magnus. De krekte betsjutting is noch altyd net helder. Muskens neamt trije mooglikheden:



- It soe de biskop-marteler Sint Magnus út it suden fan Italië wêze kinne. Syn stoflik omskot soe fûn wêze troch in pear Friezen dy't it nei Fryslân meinimme woene. Underweis yn Noard-Italië waard harren yn in dream troch Magnus ferteld dat er yn Rome litten wurde moast. Allinnich syn earm en findel mochten mei nei Fryslân ta. Dy soene yn Almenum yn de tsjerke ynmitsele wêze.
- Oaren tinke dat it giet om in ealman Magnus Forteman (*Dux Frisonum*), dy't by Rome sneuvele yn tsjinst fan Karel de Grutte by de striid om Rome fan de Sarasenen te befrijen en dy't dêrom hillich ferklearre waard. As tank soe de keizer doe de saneamde Magnuskerren opsteld hawwe, der't de Fryske frijheid yn fêstlein wêze soe.
- Magnus soe de biskop wêze kinne dy't ek legeroanfierder wie, wat yn dy tiid net sa frjemd wie.

Hoe en wat dan ek, it is net krekt dúdlik wannear't en wêrom't de twadde namme oan ús tsjerke ferbûn is. Ek witte wy net wannear't de tsjerke yn hannen fan de Friezen kommen is. Dat it in ûnrêstich bestean wie en dat de tsjer-

ke it yn de rin fan de jierren swier te ferduorjen krige, is wol dúdlik. Tsjerke en skola binne faker as ien kear ferwoaste en wer opboud. Der hat ek in tiid west dat de tsjerke amper mear brûkt waard en dat er fertuteazge en sletten drige te wurden. Hieltyd folge dan dochswer in restauraasje lykas yn 1756 doe't de tsjerke hast hielendal mei de grûn lykmakke wie.

Dat wie ek yn de tweintichste ieu it gefal. By it fernijen fan it wegeplan om it Fatikaan hinne, drige de tsjerke ôfbrutsen wurde te moatten om plak foar in nije dyk te meitsjen. Gjinn wûnder, want tsjinsten waarden der doe amper mear yn holden. Oan de ein fan de tweintichste ieu stoarten stikken fan it dak yn. Der waard in begjin mei de restauraasje makke. Yn 1990 kaam de tsjerke op de list fan it Europeesk Kultureel Erfgoed. Doe wie er rêden. Dat is er wol wurdich as iennichst monumint dat de bân mei it ferline fan de *scholae* bewarre hat.

Foar de lêste restauraasje hawwe ek Friezen har ynspan. De nammen fan fan Harm Oldenhof fan It Hearrenfean en dy fan de bruorren Loadewyk en Ige Damsma fan De Jouwer en Jirnsom meie dêr mei eare by neamd wurde. De beide lêsten sammelen in protte stiennen fan âlde tsjerken yn Fryslân byinoar foar de tsjerke yn Rome. Dy binne by de restauraasje foar in grut part brûkt. Der



stiet no noch in nusje reserve stiennen yn de tsjerke (sjoch foto hjirboppe).

De Friezetsjerke docht no op in eigentiidske wize noch tsjinst foar it doel dêr't er yn de iere midsieuwen foar oprjochte waard: in moetingplak foar de minsken út de Lege Lannen, dy't no Nederlân neamd wurde. Der is in tige aktyf tsjerkebestjoer dat it behear yn hannen hat. Wy waarden mei klam útnoege om de sneintemoarnstsjinst by te wenjen. Dat hawwe wy dien en it wie mar goed dat wy flink op 'e tiid wiene, want it waard grôtfol. Foardat de tsjinst begûn joech ien fan it tsjerkebestjoer yn sa'n tweintich minuten in nijsgjirrige gearfetting fan de skiednis fan de tsjerke. As der Friezen yn tsjerke binne dy't dat dwaan wolle, wurde yn de tsjinst by de Skriftlêzings gauris stikken út de Fryske Bibel foarlêzen.

Om it moetingplak foar de Nederlanners te behâlden, geane de restauraasjes altyd troch. Wa't yn Rome komt kin de tsjerke fan de Friezen net oerslaan, mar kin dan mar it bêste freegje nei de Sint Michaël- en Magnustsjerke.

NOATEN:

- 1 M.P.M. Muskens, De kerk van de Friezen bij het graf van Petrus.
- 2 In schola (skola) wie in plak of in wyk dêr't in etnyske groep in eigen feilich ûnderkommen hie. Yn it begjin as plak dêr't men ite en sliepe koe, mar letter ek mei eigen somatyske en geastlike fersoarging lykas sikehûs en tsjerke.
- 3 Trastevere komt fan Trans Trevere (Tiber, sizze wy), dat 'oan de oare kant fan de Tiber' betsjut.
- 4 De measte Joaden leauden yn de opstanning en koene dêrom net ferbrând wurde lykas by de Romeinen gebrûklik wie, mienden se. Ut need waarden de liken byset yn de ûnderierdske gongen fan de stiengatten, krekt bûten de stêd. Katakomben wiene dus net yn it foarste plak skûlplakken foar de ferfolge kristenen, alhoewol't se dêr ek foar brûkt waarden. Der kinne nijsgjirrige ekskurzjes makke wurde nei in stik of fiif fan dy katakomben.
- 5 In basilyk wie in grut kantich gebou, meastal mei twa sydstikken achter de pyllders, bedoeld foar iepenbiere gearkomsten lykas merken, rjochtspraak ensfh. Letter waard in basilyk ek foar tsjerketsjinsten brûkt.

- 6 Lazlo Passuth hat it spannende ferhaal fan kening Theodorich de Grutte, de kening fan de East-Goaten beskreaun yn In Ravenna wurde Rom begraben, 1971.

FUEN-KONGRES 2009 YN BRUSSEL

Ut namme fan de Ried fan de Fryske Beweging namen Jaap Rinzema en Willem Riemersma ein septimber diel oan it jierlikse kongres fan de Federal Union of European Nationalities (FUEN).

*Jaap Rinzema en
Willem Riemersma*

Gearstalling en doelen FUEN

By de FUEN is in grut tal organisaasjes fan minderheden yn Europa oansletten. De FUEN hat benammen as doel om yn it kontakt mei steatsoerheden en mei ynstellings fan de Europeeske Uny en de Ried fan Europa de belangen en posysje fan de minderheden te tsjinjen en fuort te sterkjen.

Fan de FUEN meitsje de saneamde nasjonale minderheden (bygelyks de Denen yn Dútslân en krekt oarsom) it grutste part út, mar ek de saneamde taalminderheden sûnder *kin state* (in oare steat dêr't dy taal de steatstaal is), blaze in partij mei. By dy groep hearre ek de

Westerlauwerske Friezen en de Noard-Friezen, de Bretons, de Kasjûben, de Rhaeto-Romanen en de Sorben, om mar in tal te neamen. En oer de jierren wurdt harren lûd hieltiten dúdliker en mear fernommen.

Moeting Yntergroep yn it Europeeske Parlemint

Yn it ramt fan it 60-jierrich bestean fan de FUEN, dy't doedestiids troch Friezen(!) en Bretons oprjochte wurden is, waard it kongres



Op nei it Europeeske parlemint

fertsjintwurdigers fan de FUEN. It Dialooch Forum is in platfoarm foar direkt en lykwear-dich petear tusken de FUEN en de Yntergroep, mei it doel de saak fan minderheden tichterby it Europeeske Parlemint te bringen. Ien fan dy fertsjintwurdigers fan de FUEN yn it Dialooch Forum is ús foarsitter fan de Ried, Jabik van der Bij.

De Hongaar Csaba Tabajdi wie oant no ta foarsitter fan de Yntergroep en is okkerdeis, nei de ferkiezings foar it Parlemint, opfolge troch syn lânsgenoate Kinga Gál. Yn de gearkomste fan dizze dei joech er ús mei fjoer en faasje yn wurden en gebearnten in oersjoch fan syn befinings yn de ôfrûne jierren en in tal konklúzjes:

- It roait igge noch seame dat Eurokommis-saris Orban it net as syn taak sjocht om Slowakije oan te sprekken op it repressive karakter fan har taalpolityk foar de 600.000 Hongaren yn it lân oer, en dat wylst de nije lidsteaten har ferplichte hawwe om de betingsten foar it lidmaatskip nei te kommen (Tabajdi hat de foargeande jierren likegoed de finger op it sear lein fan it probleem fan de saneamde ‘dûbele standerts’: guon âlde lidsteaten hâlde har ek net oan de betingsten en easkje soks wol fan nije lid-

steaten). Tabajdi tinkt dat it Ferdrach fan Lissabon in nij begjin wurde kin

- De EU hat gjin direkt en effektyf besker-mingssysteem foar minderheden; dat soe Tabajdi oer fiif jier graach oars sjen. Der moat in folle direkter ôfstimming komme mei juridyske ynstellings lykas dy fan de Ried fan Europa
- Mei de wikseling fan de wacht sûnt de Parlemintsferkiezings binne der in soad kompetinte eksperts op it mêd fan minder-heden út it Parlemint ferdwûn. De opbou fan nije saakkundigens sil in soad tiid kostje
- Sûnder in foarm fan autonomy, oerien te kommen mei steatsoerheden, is foar min-derheden gjin duorsume takomst mooglik
- Opkomme foar de taal is fansels wichtich, mar de ekonomyske sitewaasje, al liket soks banaal, is net minder krusiaal: by jildpine komt yntegraasje gauris del op assimilaasje

By dizze moeting mei de Yntergroep wiene ek oare Parlemintsleden oanwêzich. In Dútsk parlemintslid ferklearre dat mearderheden sûnder minderheden ‘schlimm dran sind’ en neamde de Friezen as earste! De Hongaar dy’t foar Roemenië in sit yn it Parlemint hat, seit dat in Eurokommisaris foar Minderheden der net yn sit – de FUEN soe dat graach wolle, of op

syn minst in swierder oanpart fan de saak fan minderheden yn de portefeuille fan de Euro-kommissaris foar Meartaligens – en is fan miening dat der in Eurokommissaris foar Fûnamintele Rjochten komme moat dy't soks ek op syn/har noed nimt.

Grûnrjocht op Politike Partisipaasje

De FUEN hat yn it Kongres fan 2006 yn Budy-syn/Bautzen in Hânfest oannommen om it selsbegryp fan de lidorganisaasjes as Europeeske minderheden fêst te lizzen en de fûnamintele prinsipes en rjochten op in rige te setten, as in basis foar it petear op regionaal, lanlik en Europeesk nivo oer rjochten en winsken fan minderheden. Want it giet neffens de minister-president fan de *Deutschsprachige Gemeinschaft* yn België, Karl-Heinz Lambertz, net allinne om beskerming, mar ek om ûntjouwing fan minderheden. En yn de wurden fan Gerhard Stahl, de Sikretaris-Generaal fan de Europeeske Kommisje fan de Regio's yn Brussel: "De FUEN praat net oer minderheden, mar lit se oan it wurd komme."

Sûnt 2006 binne as ferfolch op dit FUEN-Hânfest Grûnrjochten op it mêd fan Underwiis (2007) en Media (2008) útwurke. Dit jier waard it Grûnrjocht op Politike Partisipaasje oannommen. Sa'n partisipaasje is derop rjoch-

te om de minderheden in fol- en lykweardich plak te jaan, mar net minder om in ynklusive, frije en harmonieuze maatskippy fan mearderheden en minderheden stal te jaan.

By de diskusje oer it konsept-Grûnrjocht hawwe wy in tal saken ynbrocht, bygelyks by de paragraaf oer de partisipaasje yn *monitoring processes* by de úfiering fan Europeeske Hânfesten. Wy hawwe in útstel ynbrocht fan ús kommisje, de YKK, om de FUEN ek funksjonearje te litten as in platfoarm foar de útwikseling en it besprek fan konklúzjes út de rapporten fan it Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa oer it Hânfest foar Regionale en Minderheidstalen yn Europa. Soks soe tenei in part wêze kinne fan de wurklist fan de FUEN-kongressen sels. It bestjoer fan de FUEN hat it opnommen as in konstruktif foarstel, dat wy binne benijd en folgje it fierdere ferrin.

Netwurk RML2future

Dit jier is op inisjatyf fan de FUEN it Netwurk RML2future oprjochte, mei it doel om meartaligens te befoarderjen en it ferskaat oan talen yn Europa te hoedzjen en noedzjen troch de minderheids- en regionale talen (*Minority and Regional Languages*) dêr aktyf yn te belûken. It Netwurk wurdt betelle troch it *Lifelong Learning Programme* fan de Europeeske Kommisje



Rjochts Hester Knol, foarsitter YEN, mei njonken har it Euregua-spul

en troch de Autonome Regio *Trentino-Südtirol* en rint troch oant ein 2011. De FUEN is haadpartner en de *Europäische Akademie* yn Bozen (Súd-Tirol) is de koördinearjende organisaasje. Partners binne fierders de Dútsktalige Mien-skip yn België, it Ferbân fan Deenske Folkshegeskoallen, de Ried fan Karintiërs yn Slovenië en de YEN (*Youth of European Nationalities*). It Netwurk annalisearret yn guon útsochte gebieten hoe't dêr de taaloerdracht plakfynt en ferspriedt dêrnei de konklúzjes ûnder de FUEN-lidorganisaasjes.

De presintaasje op it Kongres yn Brussel waard mei fersoarge troch Hester Knol, dy't ek foarsitter is fan de YEN en in stevich oanpart yn de útwurking fan it nije projekt hat. Sy naam mei Judith Walde fan de Sorben in kwis ûnder de kongresgongers ôf en de 1^e priis wie in eksimplaar fan ús meartalich spul *Euregua!* It spul gie mei nei Roemenië yn de koffer fan de ôffurdige fan de Aroemenen, dy't de priis wûn. Op it Europaspulboerd kinne hy en syn minsken thús yn alle gefallen sjen dat de Aroemenen op de kaart steane!

Gearkomste fan ôffurdigen

Oan de ein fan elk kongres wurdt in *Delegiertenversammlung*, in ledegearkomste, holden. Dêr wurde belied en foarnimmens fan it FUEN-bestjoer en moasjes fan lidorganisaasjes bepraat en dêr't it oan de oarder is wurdt stimd. Mei de Noard-Friezen sieten wy net allinne yn ien rychje foaroan, mar wiene wy ek ienriedich. De ôffurdiging fan de Deenske minderheid yn Dútslân – alle jierren mei in oanhang machtich as de miggen op it kongres – achte it wol symboalysk: neffens harren sieten wy dêr



Op de foargrûn f.l.n.r. Willem Riemersma, Jaap Rinzema en Jabik van der Bij

as in dyk foar de see en mocht in trochbraak driigje, dan soene sy ús wol rêchdekking jaan!

Dy opstelling wie gjin tafal mar troch de Noard-Friezen regele, want as earste wie in brief oan 'e oarder steld fan de YKK út namme fan de Ried oer de proseduere fan de moasje-behandeling. Oanlieding wie de behandeling fan in konsept-moasje fan de Bretonske delegaasje op it kongres yn Pécs (2008). Dy wie rjochte tsjin it feit dat yn 'e oarloch it kollaboraasjezjym-Pétain op oanstean fan de Dútske

besetter in grut stik fan de bestjoersienheid Bretagne ôfskuord hat en dat nei de oarloch it regear fan it 'frije Frankryk' dat sa litten hat. It FUEN-bestjoer woe lykwols dat konsept sa net yn stemming bringe mar hat de Bretonske ôffurdige yn in petear foarôf twongen om de skerpe kanten derôf te heljen. Yn syn brief stelt de YKK: in demokratyske proseduere easket dat de ledegearkomste net allinne oer de foarleine tekst stimt, mar – as de yntsjinners sels in dêrfan ôfwikende tekst hawwe – ek oer

de fraach hokker fan beide teksten foar stimming foarlein wurde sil. Dat mei net in saak wêze dêr't it bestjoer op eigen manneboet oer beslist.

It bestjoer hat it ernstich opnommen: wy waarden by it ynkommen fuortdaliks troch de foarsitter oansprutsen. It bestjoer hie twa ferdigeningsarguminten: 1) de FUEN behannelet prinsipiël gjin grinskwestjes en 2) it is procedureel te beswierlik: oer alle tekstkorreksjes soe stimd wurde moatte.

It earste is in skynargumint: it giet net oer steatsgrinzen mar oer ynlânske bestjoersdistrikten. Dat wie lykwols net ús saak; dêr hiene de Bretons op ynspringe moatten, dan hiene wy feriene yn de saak trochsette kind. Mar de Bretonske ôffurdige ûntskuldige him: hy wie deawarch. Sa bleau foar ús it abstrakte proseduer-argumint oer en dy diskusje drige fuort op hottefyljen út te draaien (wannear al en wannear net), net nijsgjirrich foar de gearkomste. It bestjoer woe neat tasizze en der is net in dúdlik beslút fallen. Mar de kwestje is foargoed yn it omtinken brocht; wy kinne der altyd op weromkomme.

Frysk faai yn Risem Schölje/Risum Skole

Op de kuiertocht fan it hotel nei it Europeeske Parlemint hat Jörgen Jensen Hahn, goekunde

op foarige kongressen, foarsitter fan de Noardfryske *Friisk Foriining* en ôffurdige nei it kongres, ús de sitewaasje fan *Risem Schölje* (Noardfrysk) / *Risum Skole* (Deensk) yn Noard-Fryslân út de doeken dien.

Jörgen is direkteur fan dy skoalle, in trijetalige Dútsk-Deensk-Fryske basisskoalle. De skoalle stiet ûnder it bestjoer fan de *Dänische Schulverein*, dy't as in organisaasje fan de Deenske minderheid yn Dútslân subsidiearre wurdt troch Denemarken. Dat bestjoer wol langer oan it Frysk yn skoalle gjin jild mear besteegje! Al binne der ek Denen dy't der oars oer tinke, de sitewaasje is sa't er is: it plak fan it Frysk yn Risum Skole stiet faai! De skoalle is ek neffens it Rapport fan it Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa (2006) de **iennichste** basisskoalle yn Noard-Fryslân dêr't it Frysk ek yn oare lessen ynstruksjetaal is en net alline as fak jûn wurdt! Ek dêr soe dan in ein oan komme!

Jörgen en de oare bestjoersleden fan de Friisk Foriining stekke sels de hannen út de mouwen yn it oerlis mei it regear fan Schleswig-Holstein, mei de Deenske konsul en sels mei it Deenske Ministearje fan Underwiis yn Kopenhagen. Lykwolswol er graach de stipe fan de Ried fan de Fryske Beweging krije om te besjen oft der ek út Fryslân wei in foarm fan



F.l.n.r. Jaap Rinzema, Willem Riemersma en Jabik van der Bij

omtinken komme kin. Dat hat er op it kongres ek mei Jabik van der Bij sels bepraat en hy sil troch ús as kontaktpersoanen de Ried neiere ynformaasje tastjoere, sadat de saak goed te bepraten is en besjoen wurde kin wat mooglik is.

Presintaasje EUREGUA

Yn it gebou fan it Europeeske Parlemint hiene wy in útstalling ynrjochte mei PowerPoint-presintaasje fan ús projekt *Euregua*. Wy wiene net de iennichsten fansels dy't omrinken foar it eigen wurk fregen, mar der wie in soad

belangstelling. As ‘sûvenir’ binne in stikman-nich pompeblêdkaartsjes yn de bûsen fan kongresgongers bedarre. It heitelân komt sa fier om utens!

Reaksjes op de presintaasje:

- De Sorben fregen ús: “Warum haben wir (Sorben) damals eigentlich nicht mitgemacht?” Sy wolle yn in fierder trajekt wol meidwaan (seit de foarsitter fan de Sorben, mar dat sil dan earst wol goed op in ryche moatte, wol it net by goeie bedoelings bliuwe)
- De Rhaeto-Romanen hawwe in spul kocht en wolle it ek foar it eigen gebiet ûntwikkelje en fierders oan in Europeesk trajekt mei-

dwaan. Sy hawwe oan ús en Jabik van der Bij alfêst de fraach foarlein hoe’t it foar in eigen spul mei de kosten sit fan de rjochten dy’t wy op *Euregua* hawwe.

- De Dútsktalige minderheid yn Ruslân is gjin minderheid sûnder kin state en past dus net yn ús konsept, mar dy wol ús kommisje, de YKK, graach as adviseurs hawwe om in eigen spul te ûntwikkeljen.
- De Aroemenen út Masedoanië op it kongres hawwe in Europaboerd mei nei hûs ta krige. Sy hawwe in pear jier lyn yn in publikaasje foar eigen folk omtinken oan ús projekt jûn, doe’t noch lang net wis wie dat it ek slagje soe! Ien fan ús Aroemeenske kongresfreo-

nen hat in sit krige yn it Parlemint fan Masedoanië en stiet by de Universiteit fan Skopje op in learstoel foar it Aroemeensk oan.

Al mei al, it koe minder.

Wy kinne weromsjen op in tige fariearre en yntinsyf kongres, dêr’t de ‘saaklike’ kontakten foarop stiene, mar dêr’t lykwols de moeting mei âlde en nije kunde op himsels al wichtich wie – en soks is der foar it petear en oerlis oer de ynhâld sels net minder om.

Foto’s: Willem Riemersma en Baukje van der Bij

OANTEKENS FAN DE RIEDSGEARKOMSTE FAN DE

konsept, fêst te stellen op 18 maart 2010

Ried fan de  **Fryske Beweging** OP 19 NOVIMBER 2009

Gryt Elsinga

Oanwêzich: J. van der Bij (foarsitter), W. de Boer, J. Breimer, M. Del Grosso (LC), H. Dijk, S.T. Hiemstra, G. Krol-Benedictus, K. Kuipers, W. Lageveen, B. Postma, J. Rinzema, D. van der Schaaf, M. Tjerkstra, R. Valk, G. Vonk-Boersma, K. Wassenaar, H. Weijer en G. Elsinga (ferslach)

Mei kundskip ôfwêzich: D. J. Abma, R. Bil, Th. Dijkstra, W. Jetten, F. de Jong-Krap, E. Knotter, en K. Straatsma-Westerhof

1. Iepenjen

Jaap van der Bij iepenet om goed healwei achten de gearkomste. Der is in spesjaal wolkom foar Wiesje de Boer. Hja is de nije fertsjintwurdichster fan de studintefederaasje.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Wolter Jetten is behindere om dizze gearkomste by te wenjen. Hy hat in brief stjoerd dy't Jaap foarlêst. Wolter syn earste termyn as bestjoerslid rint ôf. Hy stelt him, troch tekoart oan tiid, net beskikber foar in twadde perioade fan fjouwer jier. Hy sil lykwols trochgean mei it stypjen fan de Ried op it stik fan de multymedia-aktiviteiten en hy giet ek fierder mei de *Ynterfryske Gearwurkingskommisje* (YGG). Yn it bestjoer sil op passende wize ôfskied nommen wurde fan Wolter. It is ek de lêste riedsgearkomste fan Gryt Elsinga. Temin tiid is foar har ek de reden om mei it wurk foar de Ried fan de Fryske Beweging op te hâlden.

Ynkommen stikken:

Utneoging foar it 77^{ste} krystkongres fan de *Federeasje fan Fryske Studinteferienings* yn Frjentsjer op 28 en 29 desimber yn de 'Bogt fen Guné' yn Frjentsjer. De RfdFB stipet it kongres.

3. Fêststellen wurklist

Oan de wurklist wurdt taheakke: redaksjeried (punt 14 a.)

4. Oantekens fan de gearkomste fan 6-11-2008

De oantekens wurde sûnder wizigings fêststeld, mei tank oan Gryt Elsinga.

5. Kandidaten socht foar útwreiding bestjoer

Der is driuwend ferlet fan nije bestjoersleden. Mei it ôfgean fan Wolter Jetten en earder fan 't jier fan Sjieuwe Borger bestiet it bestjoer no noch út trije bestjoersleden en fiif adviseurs (Meindert Tjerkstra sit sûnt er betelle wurk foar de RfdFB docht as adviseur yn it bestjoer). Jaap docht in oprop om nammen fan gaadlike persoanen troch te jaan. It moaiste soe wêze as it bestjoer útwreide wurde koe mei jonge minsken.

6. Winnen fan nije stipers

Oan de fertsjintwurdigers fan de oansletten organisaasje wurdt frege om it winnen fan nije stipers yn eigen rûnte te bepraten. By de RfdFB binne foar dat doel struibriefkes en plakkers te krijen.

7. Winnen fan nije organisaasjes

Jaap freget oft de oanwêzigen noch organisaasjes witte dêr't kontakt mei lein wurde kin. Der wurde twa suggestjes dien: *Frysk Dambûn* en *Krúspunt* (Platfoarm Fryske Oekumene).

8. Stân fan saken Fryske Reklamepriis

De Provinsje is dwaande mei in evaluaasje fan de *Fryske Reklamepriis*. Der sil besjoen wurde oft der ek in oare foarm komme moat. Takom jier giet it noch op de besteande wize. Der

wurdt oer prakkesearje hoe't it fierder moat. Gryt Vonk merkt op dat it no om radiospotsjes en tillevyzjekommersjals giet, mar faaks soene lytse bedriuwen ek foar in priis yn oanmerking komme moatte. Durk van der Schaaf heakket dêrop yn. Hy neamt as foarbyld de waarme bakker yn Stiens: al syn bakkersprodukten hawwe in Fryske namme. Dy bakker makket ek allinnich mar reklame yn it Frysk. Jaap docht in oprop foar kommisjeleden om Tom Dykstra te stypjen. De hiele organisaasje fan de *Fryske Reklamepriis* leit no sawat yn hannen fan Tom Dykstra, ek útfierend.

9. Oanpassen fan roaster fan ôfgean fan leden fan de Ried

Renze hat it skema oanpast (wurdt útdield). Der binne in protte fakatueren, benammen yn de groep fertsjintwurdigers fan de stipers. Op it oersjoch steane by de selskippen twa nammen: dy fan de fertsjintwurdiger en fan de plakferfanger. Sytze Hiemstra fernuveret him deroer dat by de twadde namme, dy fan de plakferfanger, ek in termyn stiet. Renze anderet dat it neffens it húshâldlik reglemint is. By

Ald Selskip kin A.W. Wijbenga ynfolle wurde en by *FFS* W. de Boer. Efter de namme fan Ed Knotter stiet *FFU*, dat moat wêze *VVLT, seksje Frysk*. De *Stellingwarver Schrieversronte* stiet ek noch net oanjûn. Renze past it skema oan.

10. Neilittenskip: stân fan saken

It Deistich Bestjoer mient der goed oan te dwaan om it behear fan de neilittenskip sà fêst te lizzen, dat it foar sawol de Ried as it Deistich Bestjoer dúdlik is hoe't de ferhâldings lizze. It DB hat dêrom in brief 'behear neilittenskip' opsteld mei in taheakke 'regels foar it finansjeel behear fan de Stifting Ried fan de Fryske Beweging 2009'. De riedsleden hawwe it brief mei de stikken tastjoerd krigen. De riedsleden kinne it lykfine mei it útstel.

Jaap fertelt dat der ek noch in klúske boppe wetter kommen is, dêr't in nicht fan Koopmans it oer hie. It wie yn in Bank yn Barendrecht. It is iepenbrutsen ûnder tafer-sjoch fan de notaris en in tsjûge. Der sieten û.o. sieraden en munten yn. De ynhâld sil taksearre wurde.

11. Finansjele saken, Produkteplan (4 taheakken) en Mearjierrêzing 2009-2013

It produkteplan en de produktebegrutting binne op 29 septimber yntsjinne by de provinsje.

Jaap Rinzema en Sytze Hiemstra falle oer taalflaters yn de stikken. Se jouwe de ferbetterings troch oan de skriuwer.

Nei oanlieding fan punt I. Promoasje freget Durk van der Schaaf oft der al lêzings jûn binne. Jaap anderet dat besocht is om op de sprekkerslist fan *Vrouwen van Nu* en *Passage* te kommen, mar dat er op it fersyk gjin antwurd krige hat. It sil op 'en nij besocht wurde. Bertus Postma hat as kommentaar dat er yn de stikken net lêst wat dien is. Der is grif in soad út 'e wei set, dêr soed er sifers fan sjen wolle. Jaap achtet it in moaie oergong nei it folgjende agindapunt. Op it mêd fan nije media is it lêste healjier hiel wat oanwiisber út 'e wei setten.

12. Ynliding troch Meindert Tjerkstra oer de ûntwikkelings op it mêd fan de presintaasje fan de Ried yn de âlde en de nije media

Meindert giet oan de hân fan in power-point-presintaasje alle hiemside bylâns, dêr't de RfdFB mei yn 'e loft is: www.fryskebeweging.nl, www.euregua.com, www.goedfrysk.nl en as lêste en meast bysûndere www.itnijs.nl. Meindert is tige entûsjast oer de nije media. Hy sit noch fol ideeën sa as in printeboek fan/troch bern op it ynternet.

It oanbod fan Meindert om foar de by de RfdFB oansletten organisaasjes in hiemside te ûntwerpen of om al besteande webstekken op 'en nij op te meitsjen, jildt noch hieltiten. Wa't mear ynformaasje hawwe wol, kin Meindert skilje op (0513) 85 06 56.

Jaap betanket Meindert foar syn heldere útlis. Hy hat grutte wurdearring foar wat Meindert yn koarte tiid, yn ien dei yn 'e wike, realisearre hat. De oanwêzigen ûnderstreekje dat mei applaus.

13. Stân fan saken Oanfalsplan Frysk

It plan moat net deabliede. It soe twa kear yn 't jier mei de steatekommisje bepraat wurde moatte. De oanfalsgroep soe dêr de struktuer fan oanjaan moatte.

14. Selskipsspul stân fan saken

Der binne al hiel wat doazen ferkocht. Twatredde fan de middelbere skoallen hat it spul ôfnommen. De *Ynternasjonale Kontakte Kommissje* hat it spul yn septimber lêstlyn op de FUEN-konferinsje by de oare minderheden yn it omtinken brocht. Der reaksjes wiene posityf. De lêste doazen soene eins fan 't hjerst ferkocht wurde moatte.

Der is noch in idee om Frysk scrabble op de merk te bringen, mar dat moat noch útwurke wurde.

14 a. Redaksjeried

Der binne twa reaksjes op de oprop foar it ynstellen fan in redaksjeried kommen: *FFU* en *Freonen fan Omrop Fryslân*. Hâns Weijer fan it *FBU* hat net reagearre, mar hy meldt him no oan. Neffens Sytze Hiemstra hat de *Fryske Rie* ek reagearre, mar it brief is net by de skriuwer ynkomen. Sytze freget Saapke Miedema oft se it brief op 'en nij stjoere wol. Jan Breimer rêdt him der fierder mei.

15. Fêststellen fan in datum foar de folgjende gearkomste

De folgjende gearkomste sil wêze op tongersdei 18 maart 2010 om 19.30 oere op it Keetwâltsje 1 yn Ljouwert.

16. Omfreegjen

Bertus Postma freget oft der noch *FRL*-nûmerbuorden te krijen binne. Jaap freget Sjoerd Groenhof dernei.

Postma soe wolle dat de *RfdFB* wat mear op de tromme slacht troch bygelyks boargemasters fan gemeenten dy't Fryske plaknammen ynfierd hawwe, te lokwinskjen.

Sytze Hiemstra seit dat Tony Feitsma in ûnbidich soad wurk ferset as skriuwster fan de *RfdFB*. Hy soe dêr ekstra omtinken oan jaan wolle yn it fermidden fan de *RfdFB*. Jan Breimer merkt op dat dêr yn it desimbernûmer fan *Swingel* omtinken oan jûn wurdt.

Sytze bringt ek syn soarch oer *Omrop Fryslân* op it aljemint. Gryt Vonk fan de *Freonen fan de Omrop* dielt de soarch. Se soe it in goed ding achtsje as der aksje/stipe út oare rûnten komt.

Durk van der Schaaf memorearret dat 'Kneppelfreed' yn 2011 60 jier lyn is. Hy soe in grutte betinking opsette wolle. Hy tinkt dêrby oan in optocht troch Ljouwert mei korpsen. As wy wat wolle, moatte wy dêr betiid mei oan 'e

slach. Der soe bygelyks in kommisje beneamd wurde kinne.

Reinder Bil hat út namme fan de *SEK* in brief skreaun oer de fraach yn hoefier't de *RfdFB* him útsprekke moat oer grutte projekten yn ús provinsje. De tiid ûntbrekt om it brief noch te bepraten. Yn it desimbernûmer fan *Swingel* komt in stik fan Jaap 'Wêr bemuoit de Ried him mei?' Dat slút dêr moai by oan. Komt de oare kear werom.

17. Sluten

Om 22.40 oere slút de foarsitter de gearkomste.

TE KEAP YN FRYSLÂN

Omdat 'Marktplaats' Frysktalige advertinsjes wegeret, hat Joop Hoekstra út Snits it inisjatyf ta in twatalich webstee www.tekeapynfryslan.nl nommen. Dêr wurde allinnich produkten yn Fryslân op oanbean. Wol sa handich en grif feiliger.

De Ried fan de Fryske Beweging

Wa't yn Fryslân libbet en wennet, hat wat mei Fryslân. Foar de iene is dat it lânskip, foar in oarenien de mentaliteit, de taal, it keatsen, it fee, it silen en neam mar op. Al jierren is der yn Fryslân in organisaasje dy't him ynset foar it karakter fan Fryslân: de Ried fan de Fryske Beweging.

Wat is de Ried fan de Fryske Beweging?

De Ried fan de Fryske Beweging is as oerkoepeling fan in grut tal bewegingsorganisaasjes de belange-organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar romte foar it Frysk en de Fryske kultuer. De Ried is in ûnôfhinklike frijwilligersorganisaasje.

Aktiviteiten fan de Ried binne:

- *Politike lobby foar it Frysk*
- *Fear yn 'e Broek*
- *De Fryske Reklamepriis*
- *Swingel*
- *Underskate websiden*

Politike lobby foar it Frysk

Op provinsjaal en lanlik nivo wurde aldergeduerigen wetten opsteld en regels útfurdige dy't streekrocht of mei in omwei ynfloed hawwe op it Frysk. Al is it somtiden dreech wurk, mar dêr moat op reagearre wurde yn de foarm fan skriftlike reaksjes of ynspraak. Sa hat de Ried yn it

ferline mei sukses it omtinken fan de polityk frege foar it beroerde plak fan it Frysk yn it taalûnderwiis oan beukers.

Fear yn 'e Broek

Alle jierren rikt de Ried, yn gearwurking mei de Fryske Rie, de Fear yn 'e Broek út oan in persoan of in ynstânsje dy't him opfallend

ynset hat foar de Fryske taal of kultuer.

Yn 2006 waard de minsken fan 'Aaipop' de Fear yn 'e broek stutsen, om't dy organisaasje mei de muzykfestivals yn Nijlân de Fryske kultuer op in bysûndere wize stimulearret, en yn 2007 Frivius Enerzjy, fanwegen har Fryske útstrieling. Yn 2008 gie de Fear nei Danijel Dizdarevic en Rick Steur, twa nije

Friezen dy't de Fryske taal har gau eigen makke hawwe en op in treflike wize brûke. De Fear wie yn 2009 foar it Berne-iepenloftspul yn Easterwierrum foar it al jierren leverjen fan in wichtige bydrage oan de Fryske kultuer.

De Fryske Reklamepriis

It brûken fan it Frysk yn radio- en televyzje-reklame wint geandewei mear terrein. Om dat te stypjen hat de Ried fan de Fryske Beweging it inisjatyf nommen om alle jierren in priis út te rikken oan in bedriuw dat him dêryn fan de bêste kant sjen lit.

Swingel

Mei Swingel, it tydskrift oer Fryske taal en kultuer, krije jo trije kear jiers in skat oan ynformaasje yn 'e hûs. Aardige ynterviews, nijsgjirrige berjochten, pittige kollums. Yn Swingel fine jo ynformaasje oer tal fan Fryske organisaasjes.

Underskate websiden

Behalven www.fryskebeweging.nl, mei ynformaasje oer de Ried sels en oer de oansletten organisaasjes, ûnderhâldt de Ried www.itnijs.nl, mei in ferskaat oan nijs yn it Frysk, www.goedfrysk.nl, foar help om skreaune teksten flaterleas te krijen, en www.euregua.com, mei ynformaasje oer it selskipsspul Euregua! dat by de Ried útkommen is.

Wiis mei Fryslân?

Utnoeging

Leden en stipers fan de Ried wurde útnoege foar de **gearkomste fan de Ried fan de Fryske Beweging** op tongersdei **18 maart 2010** om **19.30 oere**, Keetwâltsje 1, Ljouwert

De leden en plakferfangende leden krije de wurklist en byhearrende stikken tastjoerd. Stipers dy't de gearkomste bywenje wolle, wurdt oanret om dat foar 1 maart oan it bestjoer witte te litten.* Dan krije se de gearkomstestikken ek tastjoerd.

It ferslach fan de lêsthouden Riedsgearkomste, op 19 novimber 2009, stiet yn dizze Swingel.

It bestoer

* Leafst oer de e-post (info@fryskebeweging.nl), oars mei in briefke nei Bestjoer RfdFB, Keetwâltsje 1, 8921 EV Ljouwert, ûnder opjefte fan it adres dêr't de stikken hinne moatte.